

Fryske Lân en Fryske Libben, Fersen fen Dr. O. Postma, útjower A. J. Osinga, Snits, 1918, priis f 0.90; yn bân f 1.30.

Dit is in gouden boekje fol fen de tearste, ealste heitelânske fielings, Frysk-nasjonale poëzy fen it bêste soart. Binammen de Friezen om utens, dy't de pracht misse fen ús mieden en loftten, de smoutens fen ús doarpkens en wenten, kinne hjir in skat fine dy't mei gjin jild to biteljen is. Dizze fersen scille hjar op sêfte wjukken drage nei it ynljeaf heitelân.

En wysels scille dit boekje nimme en it faekris lêze op in fredige Sneintomiddei, as wy oer ús komme litte wolle de moaijens fen Fryslân.

Dit boekje scil yn it libben bliuwe. En men scil net hoeve to sizzen: Keapje it, hwent it scil himsels rikkommendearje allyk de poëzij fen Klaus Groth en oare folksdichters.

W.

PSALM 134.

Sjong bliid en swiet ta Goades ear
O feinten fen der hearen Hear,
Jim dy't mei ljochtsjend each de wacht
Utsteane yn 's Hearen hûs by nacht.

Heevje op mei kleare tank en rom
Jimm hannen heech nei 't heilichdom
En loovje en sjong mei sin en siel
Jim Heare God, jim ivich Diel.

Jim wêze 's Hearen segen nei
Syn ginst út Sion oer jim wei
Hy skoep it Al om eigen ear:
Sa loovje wy der hearen Hear.

A. WYBENGA.

Yn ús eigen Tael

Tiidskrift fen it Christlik Selskip
for Fryske Tael- en Skriftekennisse

De Jongfryske Biweging.¹⁾

Jimmeroan hawwe der twadderlei soarte fen minsken west, hja dy't forstânlik heech stiene, en hja, dy't minder bijeftige wierne, gewoanwei it „folk” neamd. Dy forstânliken wierne aloan de liederen fen 'e oaren; de greate kloft mear deistigen en dommeren wurde meastal regearre, 't sij sedelik, 't sij mear op stoflik gebiet fen de inkelden, dy't mei hjar greater ûntwikkeling, hjar fynder fieling en hjar djipper trochsjud maklik de baes bliuwe kinne oer in great part fen 't minskdom. Ik wol net sizze det dy inkelden det altyd sa bidoele, mar dochs it libben bringt it fêst sa mei.

Steane den dy minder ûntwikkelde altyd by de riker bijeftigen binefter, det hja it altyd-al-wer-oan fen de hegeren ha moatte? Det scoe'k ek wer net sizze wolle. Ek yn hjar hat de Skepper hwet *eigens* lein, al scil det eigene him minder sterk nei bûten jaen, ek hjar libben hat syn drôfnis en freugde, lijen en wille.

Dit forskil fen 'e minsken scil him foaral opponearje op it gebiet fen 'e lektuer, dy't hja brûke. De ryk ûntwikkele grypt nei it hege en 't djippe, de lytser-forstânlke jowt him by 't oerflak kige del, de bûtenkant fen 't libben is him al genôch.

't Sprekt for himsels, det beiderlei soarte lektuer skreaun wurde moat troch riker bijeftigen, al scille ek dy rikereren wer in great forskaet fen mear en minder opleverje. Troch-en-tiids sit it sa, det hja dy't it rykst en 't fynst bisnare binne, (binammen jildt dit for

¹⁾ Lêzing for de ûnderwizersstúdzjeklub hâlden to Dokkum 4 Nov. 1918.

fielingskinst) it minst to fetsjen binne for it algemien. 't Makket ek hjir wer forskil as de skriuwer him yn ienfâldige ef yn hege wurden uterje wol. Mar ek ef it de skriuwer it der om to dwaen is for 't algemien ef wol for syn gelikens him to uterjen.

Yn 't miene scil de kinst, dy't for 't folk ornearre is, troch frij brede kloften biwûndere wurde, mar de tiid dêrfen is ek gau om, towylst hegere kinst for inkelden in geniet is, mar ek faken de ieuwen oerlibje kin.

Moat ús det nei 't sin wêze? Né en ja! Fen herten is to hoopjen, det alle kinst, alle goed werjaen fen it libben om yen en yn yen, al is 't det dat fers ef dat stik proza yn ienfâld skreaun is — en is ienfâld nin wierheit? — to hoopjen is 't sei 'k, det sok wirk net allinne for de noutiid, mar ek for de kommende slachten biwarre bliuwe mei. Mar oars, hwennear it op in eltsoar neiskriuwen fen ôfkôge aerrichheidsjes en berneftige rymlerij giet den siz ik: foart der mei!

Mar ek: al hwet him for heech- en djipfield oantsjinnnet, hwet trijeris oerlêzen wurde moat, ear't men 't bigrypt, is dêrom altyd lang net like fortsjintlik, it kin it echte wêze, mar 't is altyd sa net. De tiid kin hjir in bulte leare. Neibauwerij op dit gebiet is er ek sa folle, det it wird cliché-sonnetten ek al bikendens krige hat.

* * *

Ho hat nou wêst it forrin fen 'e letterkinde yn ús Fryslântsje?

Foun ús earste Fryske skriuwer en dichter Gysbert Japiks hwet ûnthael by 't folk, ef waerd er allinne fen de hegeren lêzen? Howol ik der net folslein andert op jaen doar, dochs mien ik mei 't each op ho't er skreau en hweroer er skreau, sizze to meijen: Oer 't geheel koe 't folk him fetsje en hat ek de ienfâldige man him mei det wirk fornoege. De rjuchte oansluting wied er, om't sein waerd hwet yn eigen siel brûske en mei eigen eagen sjoen waerd.

Letter komme de Halbertsma's.

Mids yn 't folkslibben steande, hawwe hja 't libben werjown mei in krektens, dy't for ús as Christenen sels fiersto fier rint, om't ek it grouwélige fen 't folk yn byld brocht wirdt, mar dy't dochs it hert fen 't folk fornoegje koe en sels noch kin, om't de him útsprekkende folkssiele ta syn rjucht kaem.

En ek de moaijens fen eigen lân en sân waerd sein yn de klanken fen eigen mûle; eigen sizwizen en sprekwarden, dy't de skat fen ús folk yn aparte sin útmeitsje, waerden op masterlike wize opteikene, en de foarfallen yn it libben, lyk alle dagen om hjarren hinne him det oppeneare, kamen koart en dúdlik foar eagen to stean. Lit my dêrta for jim oerskriuwe it wird foarôf fen De Lapekoer fen Gabe Skroar.

„Twisken Boalsert en Frentsjer wenne Pibe Rommerts mei syn wiif Saske. 't Wierne tsjeppe ljue en goederjowsk boppe mjitte. As er in bidder kaem, wier er nin brea brek, en wierne de jirappels rom, den hie mannich earme widdow in wintertarring. Dominy krige alle jierren in heal baerch en in goes ta krystiid. Pibe syn jonges wierne tige sa tûk as hy: hwêr't se kamen moast hjar hoanne kening kraeije, ef scoe de ûnderste stien boppe; en yn keatsen en tippen, dounsjen en koekslingerjen, rinnen en hirdriden koenen hja alle man oer. Allegearre waerden se for de boerkerij great makke; mar Gabe, dy't kreapel en troch in dei sawet gammel wie, moast dêrom skroar wurde. Dizze Gabe koe nuver prate en sjonge, en al hwet er sizze woe, koed er yn rym sizze. Skroarje koed er ek wol; mar in jongfaem hied er dochs ljeaver op 'e knibbel as in âld broek. Hy is jong stoarn, en nei syn dea hat beppe ûnder syn skroarsbank yn 'e lapekoer dizze sangen en rymkes foun.”

En den bigjint de Boalserter merke sa:

To Boalsert yn 'e merke
Seach ik in famke gean,
Ik tochte, bern! hwet biste tûk;
Sa jong en prûs, sa nuver smûk
Sa tsjep yn Sneinske klean.

Det foel der yn by 't folk en de mear ûntwikkelden seinen: It libben wirdt teikene lyk it him oanjowt. Yn hjar forteltsjes op rym binne de Halbertsma's op 't swakst; wy moatte dêrby rekken hâlde mei de tiid dêr 't hja yn libben; mar yn hjar proaza binne hja oant dizze tiid yette fen gjinien bynei kommen.

Mar oars hwet hellet hjar sjongster moai út, as wy rigels fine lyk as dizze:

Lang forgotten swanneblommen,
Driuwers op 'e stille mar;
'k Freegje wurden fen 'e stommen,
Al de Fryske wetterblommen
Tinkt er immen yette oan hjar?

Fyn bisniene sydn'e lapen
Dobberje op it wetter om;
't Binn' hjar griene gledes kapen,
Dy't op 't âlde Fryske wapen
Sprieken: „sa driuwt Fryslân om!”

Fryske blommen, wetterfammen
Pronkers op de stille mar,
Tsjûgen fen dy âlde stammen,
Fryske blommen, wetterfammen
Siz my, lykje wy oan hjar?

En den moat ik ek yette oanhelje:

Stjirkes blinke, wyntsjes swije
Hiel natûr leit yn 'e slom
't Is de stille nacht fen frijen
Kom, myn ljeafste famke kom!
Lit ús hân oan hân hjir sitte
For gjin loerende eagen bang;
Lit ús wrâlds fortriet forjitte
Ljeafde wit hjir fen gjin twang.

Djippe stilte is om ús hinne
En it fjild leit yn 'e dau,
'k Hear it flûsterjen allinne:
„Ivich, ivich ljeafde en trou!”
Ingels yn dit hillich tsjuster
Flodderwjukje om ús ta
Sizze fen ús lok forwûndre:
„Hwêr is 't yn 'e himel sa?”

Net wier, al scil de ynhâld net alhielendal jim meistimming
hawwe, dit is poësie, dit is dichtwark gânsk heger steande as dy
fen de letter libjende Harmen Sytstra, dy't tsjinwirdich yet al
hwet út 'e hichte tild wirdt. Ik doel hjir op dizze riddeneaning op
rym:

'k Mei de lette hjerst wol lije
As 't sa nei de winter lûkt
As we in sinneblink yet krije
Wyl't de dei yn 't westen dûkt
En men den it bleker ljocht
Oer de wiet bireinde fjilden
For it lêst yet glinstrjen sjocht.

Ik haw de Blomlêzing út Sytstra's wirken lêzen mar nea nearne
bin ik troffen wurden fen djipper en ynliker dicht as wy by de
Halbertsma's fine. Né Sytstra komt der lang net oan ta.

* * *

Skomjend en brûzjend, djip en ynlik fiелende, simstiden to
bluistrich, mar altiten moai is de sang dêr't Piter Jelles Troelstra
ús op ûnthellet. Elts dy't de Rispinge lêzen hat, moat den ek
sizze: hwet is det dichtwark! It persoanlik illemint komt hjir ta utering.
It eigen fiелende, mar den ek it him oanslutende by hwet der libbet
hammert en kloppet yn 'e herten fen folle lykfielende Friezen lit yn
fornoegjende en kinstfolle lieten him hearre. Komselden komt it
grouwelijke om 'e hoeke, en it moat sein wurde det oan 't nou ta
net in inkeld Frysk boek bistiet det „de Rispinge” bynei komt.
Dêr is de tekening fen it folkslibben, bisjoen mei it dichterlik
herte.

En nou moat ik yet efkes hwet sizze oer Waling Dijkstra.
Ek hy sjocht it Fryske libben, mar troch de frijsinnige bril, de
finen hawwe it altyd dien. Dêr komt by, hy is net yn 'e earste
pleats de fortelder, alteast, it is him net to dwaen det yn 'e earste
pleats to wêzen, mar it is him to dwaen om de morael, om de ta-
passing; mei in lang altyd net heech steande, koartswilige oanwizing
fen 'e folks-lekken en brekken scil hy it folk forbetterje. Syn rym-
wark wie net folle to bitsjuten. It moaiste is nei myn sin:

Hwet bistû ljeaflik
Riizjende simmermoarn
't Opgeande sintsje
Laket my oan:

Mar oars, hwet in stopwirden, en hwet in riddenaesjes, dy't
mei de klompen oan, yn 't spil komme!

Dochs hie Walingom hwet oer him, det him by 't folk tige

yn oansjen brocht. Sa pas is det sein. It wier syn koartswyl, mar mear ûntwikkelen scille der in bulte flauwiteiten by fine.

Yn it Waling Dykstra-tiidrek fen ús Skriftekenisse is binammen by de frijsinnigen de Fryske skriuwerij den ek net ta hege bloei brocht. It is bedroefde spitich det in man lyk as Piter Jelles gjin mear wjerklank yn ús lantsje foun hat. Slop en wirrich, net wittende hokker kant it út scoe mei de lieding yn ús literatuer en folkslibben, taelstriid en geastlike ûntjowing, eltsoarren om persoanlike redenen bistokeljend (ik tink hjir oan de saek Sipma—Wielsma—Hof) hongen de earms fen toanoanjowende ljue hjarren treasteleas by 't lichem del, lieten hja de moedfearren hingje, alteast as der fen moed sprake wêze koe.

* * *

Ik neamde dêr sa pas de „taelstriid.” Hwer scoe ús Fryske tael bidarje? Scoe dy tael bliuwe de sprake fen bûthús en finne, fen braekbok en slotsleat, lyk oant nou ta al trije ieuwen de praktyk fen ús folk wêst hie, — scoe dy tael yn hjar oplibjen it safier bringe, det dominys en masters dy ek altyd brûkten, — ef scoe ús tael binammen by de brêder ûntwikkeling fen it folk, troch it lêzen fen 'e Leechlânske literatuer, troch de omgong mei de ûntwikkelere ljue, dy't jimmeroan Leechlânsk brûkten, troch it forhollânske forieningslibben, scoe ús tael troch det alles yn 'e tarring stjerre?

Nimmen, dy't dêr in rjucht andert op wist to jaen. 't Like by in hopen ek fen de Fryske skriuwers in soarte fen ljeafhawwerij-spiltsje to wêzen. Mochten de heechsteanden dêr al oars oer tinke, yn soarchfâldich forhoeddûkjen fen it ljochtsjende idéael det hjar omstriele, like wol de measte krêft to stykjen. Ommers tael, as sieleútring biskôge, tael as útring fen it folkswêzen, moast it hiele folk fen deselde stamme omfetsje, en ek de folkskrêft forsterkje, de folksidealen ta klearder fierten opfiere. Koe det allegear ek sa sein wirde?....

* * *

As in stien yn in dobbe, as in dreonjende mynûntploffing, as in fûleindige wearljochtslach oer it Fryske mêd klonk der 1915 de rop oer 'e fjilden: „De Jongfryske biweging is kommen!”

Biteutere fen ljocht en slach wist men yn 't earstoan net ho't men yen to hâlden hie. Scoe men der op ynfleane mei de earmen útspraet om dy biweging mei sielsfornoeging nei yen ta to lûken, ef scoe men mei 't swird der op ynslaen? Al ridlik gau die it bliken det it Fryske foarstriderskamp yn twa helten splist waard.

Mar hwet wier der einliks bard?

Hja, dy't de Ljouwerter krante liezen, hiene de loft al opkommen sjoen, mei't in jongkeardel fen 18 jier it bistean doarren hie, in hiele bulte fen hwet foarige Fryske skriuwers en poëten op skrift brocht hienen en hwet oant dy tiid ta as tige Fryske kinst foreare wurden wier, safier nei de bidelte to heljen, det der sa goed as neat fen oerbleaun wier. Ho, rôpen de âlderen, hawwe wy ús dêr den altiten mei forsind?

Mar in stikmannich yntellektuële jongeren rôpen lûd: Oan Kalma de takomst! Dêrtroch stipeleare, skreau Kalma in boek, mei de titel „De Jongfryske Biweging” en yn 'e hjerst fen 1915 kaem dit wirkje fen 95 blêdkanten by Bergsma to Dokkum yn 't ljocht.

Hie de âlderein jimmer him mei syn kinst nei 't folk tabûgd, hie de gewoane man mei nocht harkje kinnen nei it „Feinten, fammen hear nei my!” hjir waard út in hiel oar gat blesd.

Mei fûleindige slaggen waerden de Halbertsma's ôftichele, eft se gjin turf heech wierne, hjar skriuwerij waard útmakke for del to tommeljen yn 'e walchlike folkskinstsompe, en de namme „dichter” wier ûnmûlk oan sokken to jaen, dy't it to dwaen wier om de biwûndering fen 'e greate kliber. Waling Dyskra, oant nou ta de man fen 't Frysk by de frijsinnigen, waard fen syn forhevenheit delkeild mei alle gewelt: folkskinst hie de man skreaun en oars nearne wier it him om to dwaen; hy skreau lyk it folk it it ljeafst seach, om folle frjeonen to biwarjen for de tael, syn doel wie it Frysk to meitsjen ta folkseigendom; troch syn ynfloed bihelle de folkskinst sa'n forbjusterjende oerwinning.”

„Twa bigjinsels”! seit Kalma; „yn 'e lêste ieu hat der yn Fryslân in skerpe striid wêst twisken *folkskinst en persoanlike kinst*. De *folkskinstners* wisten mei alle mûlke lytse middelstjes de oerwinning yn dizze striid to biheljen. Winterjoune-flauwichheden gjin gebrek! Yn 'e lêste jierren fen 'e XIXe en yn 't bigjin fen 'e XXe ieu riizden as poddestoellen op wearzige mieden tropkes

jonge fryske skriuwers omhegens, dy't greatbrocht yn 'e allinnesillichmeitsjende leare fen folkskinstbiwûndering, det leger kinstners wer oanwinne liet. En sa kaem it folk oars net to hearren as teltsjes oer „fine doomny's, sûpers, sleauwe fammen en feinten, dy't safolle ieten” útbret yn 'e oerstjûre gammele tinze-tizeboel fen ús folkskinstskriuwers, en sa makken wy ús bilachlik for de forstânnige en suverfielende wrâld mei ús bryk-nuvere setten en hoanne-op-'e-matte-efstige flauwiteiten en rekken wy ûnder de kinstners to wurden hwet de mol is ûnder it djier.

Brea-nedich moat wy yn ús fryske tael ús miening sizze oer de greate, hearskjende forskynsels yn kultuer en geastlik libben. Dos de persoanlike kinst moat wer komme yn 't bisit fen al hjar rjuchten, de djippe geastlike fieling fen 'e wiere dichter moat him úterje yn 't suvere fers; de folkskinst scil wol net hielendal forwaerloazge wurde kinne, hwent troch de folkskinst wei to reagjen, scil de tael gjin folkseigendom bliuwe kinne. Wy hawwe slim to striden mei it Hollânsk, wierne de omstannichheden ginstiger, wy koene de folkskinst skoan misse.

Neffens Kalma wier der yn 'e tiden fen 'e fryske skriuwerij yette nea immen opstien, dy't sa'n bihyplik figuer sloech as de Hear J. J. Hof, dy't ûnder de skûlnamme Jan fen 'e Gaestmar yn 'e lêste jierren gânsk frysk to lêzen jown hat. De Hear Hof, dy't him by 't begjin fen Kalma's skriuwen al daliks him tsjin det wirk to skoar sette, wirdt útmakke for in mislearre Kloos-ke fen ús Skriftekennisse. Fornim efkes ho't Kalma oer him útgiet: Nei't Jan in toarn stien hat to dounsjen fen oerstjûrens, rideljend fen simmeleftige koartslangstme, wer in wraem to dwaen op 'e jonge biweging, dy't him wol-fornoeg yn 't spier kommen seach, ljochtet troch de tongerkloften fen ús Gaestmarder boppe loft in skriklike flikkerstriel en prúst it hearskip forheftich, as teiken, det ringen „it donker swirk syn tsjoed útspije moat.” „It is ús in wier en ljeaflik feest soks to oanskôgjen,” sizze wy, en slagge de kape oer 'e holle, mar pakke meien de wirge dounser by syn baitsje, en sette him sa, det it measte fen dizze snijende heil fâlt op 'e forhevene kriteren, dêr't hy foar eagen fen hiel Fryslân stiet oan to gean, de fûsten rôljend en wiid-útspridend de earmen, lyk in houtenklaes oan hwaens toutsjes in opslûpen jonge lûkt, skodzjend fen it laitsjen, as er bar om bar de foetten en earmen op en del gean sjocht mei

krampeftich-gammele biwegings. Dizze houten klaes lykwol, net inkeld slacht er mei skonken en earmen, mar ek syn eagen rôlje en de noaskebril wibelet, det it in wille is en in eachweid, dêrnei to skôgjen: sjoch him der stean, oangeande hwêr wy him yn in oerdwealske rite set hawwe, fordert hiel Fryslân wearze krije scoe fen syn oerstjûre menear fen dwaen. En wilens skûrt it swirk iepen en de heil tommelet del en kitelet de Gaestmarder Fersemakker net bjuster noflik en al mear begjinne syn eagen to rôljen en syn bril to wibeljen en syn earmen en skonken to slaen: tsjinje wy him dos dalik in bidimjend middel ta en skriuwe wy him lange tiden rêst foar.” Us tinkt, sa kin't wol nou?

Fen 'e seis haedstikken dêr't „de Jongfryske biweging” út bi-stiet, is der ien foarnamentlik wijd oan ús taelstriid.

It eigentlik doel fen ús taelbiweging moat jimmer bliuwe det de fryske tael wer komt yn it bisit fen al hjar rjuchten, det hja dos wer wurde scil de hearskjende tael yn ús lân en it Hollânsk allinne op ús skoallen leard wirdt om yen bûten Fryslân dôchs rêdde to kinnen.

By nije bineamings for de rjuchterlike macht moast der al op oanstien wurde. dizze ambten oan Friezen ta to bitrouwen, de prissendent moat begjinne mei yn 't Frysk biskildigen en tsjûgen to freegjen en sa de ljue gelegenheit to jaen hjar yn hjar eigen sprake to uterjen.

Yn 'e tsjerke moat Frysk preke wurde, lit it begjin wêze mei in die lyk as dy fen Dr. Wumkes, sa kinne de hillige saken bihannele wurde yn ús eigen tael, det de fieling for it Frysk by ús lânsljue yet krêftiger wirdt. Hat dit begjin det goede gefolch, den scille de tsjerkerieden en gemeinteleden fensels ta it ynsjoch komme hok in weardich ding it is, yn in frysk doarp in Fries as harder to hawwen.

Sa moat it útrinne op it „Fryslân for de Friezen en it Frysk.”

* * *

Forskat fen 'e âlderein moasten net folle fen 'e nije opfetings hawwe, mar ek gûnen seinen: de styl fen it boek is gânsk better as it nei it âldwivige lûkende geskriuw fen Jan fen 'e Gaestmar en syn frjeonen; — fen 'e jongeren wiernen der in poarsje dy't mei greate fornoeging de haedsaken fen „De Jongfryske biweging” yn hjar opnamen, al moast der sein wurde det der wol

hwet folle wurden brûkt wurden wiernen, om in stikmannich tink-bylden yn 'e klean to stekken.

20 Novimber 1915 waerd de Jongfryske Mienskip oprjuchte fen in stikmannich jonge minsken, dy't mei fjûr en faesje de kulturele opfettings fen Kalma fordigenje woene. Forheftich gyng men út oer 'e hâlding fen it Selskip fen 1844 en it Haedbistjûr dêrfen waerd útmakke for ljue, dy't sa'n stik by hjar tiid binefter wjerne, det se net wirdich wjerne de lieding yn 'e Fryske striid to hawwen.

It jier 1916 wie for de Mienskip in tige fruchtber jier hwet oanbilange it útjaen fen in rige hânsume boekjes fen de Mienskipljue as kultuerskriften bititeleseare. „Fryslân en de Wrâld” wie it earste, hweryn Kalma Fryslân biskôge as de brêge twisken Ingelân en Skandinavie, hweryn hy ús folksiepenbiering rekkene by de Anglo-Skandinavyske kultuer, hwêr't ek de Friezen part hawwe oan de Noardske folksgeast fen boppeneamde lannen. For-skaten fen 'e leden wjerne gânsk pro-Ingelsk en Kalma skreau yn „de Telegraaf” forskate stikken, dy't yn det opsicht nin twivel talieten.

Yette saun kultuerskriften yn 'e pompeblêdderige kamen yn 1916 út, twa Bûtengewoane Mienskiptsútjeften en in Oersetting fen it Ingelsk Masterstik „Shelley's Adonëis.”

Der wie in bulte wirk by, det werklik heechsteand to neamen wie. Ik doel hjir foaral op „Friezendom en Christendom” fen Dr. Wumkes, „De Jonge fen 'e Marsheide” fen M. Baersma en „Us Fryske Skiednis” fen E. B. Folkertsma. Minder moai is „De Skild fen 't Selskip,” hweryn Kalma op haetlike wize de persoanen út it Haedbistjûr fen 't Alde Selskip út 'e lêge wasket.

Nijjier 1917 kaem it earste nûmer fen it Moanneskrift „Frisia” út, en sa wirdt de wrâld to witten dien hokker kant de Mienskip út wol yn it it stik fen letterkinde. Ek kinne wy det wiis wirde út „It sjongende Fryslân,” in karlêzing út it wirk fen âlde en jonge fryske skriuwers, en It Harmen-Sytstra-boek. Ik kin 't net litte hjir in pear fersen út 'e Karlêzing oer to nimmen. It earste is fen Rixt (Jiffrou van Dorssen).

O hja, dy't út 'e stiltme komme
Dy wiernen mei hjar God allinne,
In ljochtglâns yet oer 't antlit hinne,
In hill'ge frede yn 't hert hja drage
En oer hjar wêzen leit de rêst,

O hja, dy't út 'e stiltme komme,
It herte waerm, oan ljeafde ryk;
Ho treast-myld is hjar stimme allyk
Yn simmernacht, sêft lûstrjend troch
Heechtoppe beammen 't koeltsje rûzet.

O hja, dy't út 'e stiltme komme,
Dy fielden Gods ûneindichheit;
Op hwa hjar hân sêft-treastgjend leit
Hy tilt de wirge holle omhegens
Syn trienjende eagen siikje 't ljocht.

It oarde is fen Kalma, dêr hy de Wolkens sizze lit:

Wy driuwe oer ûnliĳge lannen
Troch ivich dizige loft
Wy skôgen de rûzige strânnen
Dêr't klaget in weage-geroft.
Wy seagen de driigjende krunen
Hwer it berchtme yn geweldigens stiet,
Bilôken de himelske tunen
En if woeljen fen 't bûtsende wiet;

Wy dounsje oer de deade-kontreijen
En wynderje oer 't sliepende lân,
En hearden wy 't ljocht sims ek kleijen,
Wy dôven syn hûnjende brân;
Jim, winen wol fier fen ús bliuwe
— Oars kaem it jim djûr to stean —
Geniet is: rêstich to driuwen
As weevjende deadeklean.

Foegje dêrby det de Jongfriezen hjar wakker op it sonnette-dichten útlizze, den scille jim wol mei my ta 't eintsjebislút komme det de nijere letterkinde to rekkenjen is by de Tael-Renaissance, dy't ek by de Hollânners fen '80 ta utering kaem. Fensels binne dêr ek by dizze jongeren Friezen dy't it wirk hwet apart Frysk hawwe, mar it greate doel kultuerwirk for hiel de wrâld, sels for kommende slachten to leverjen is yn oerienstimming mei hwet ûnder allen ek de Moderne Literatoren fen '80 op 't program hienen to stean. En Kloos en Kalma rinne heech mei Shelley, ien fen de Ingelske Renaissance-mannen út 'e foarige ieu. Kosmopolityske tinzen yn 't Fryske wird, sjuch der it doel. Dêrfendinne ek it delheljen fen 'e Halbertsma's. Set in stik út 'e Lapekoer oer yn 't Ingelsk, skriuwt Kalma, en der bliuwt neat fen oer.

Dochs, ho forheftich it âlde delhelle waerd, dochs is der 1917 in bytsje torêchkommen to merkbitten, yn it program fen 'e Jongfryske Lângeanne wurde sels twa fersen fen Halbertsma oerprinte, hwêrby ek it niisoanhelle „Stjirkes blinke, wyntsjes swije.”

Yn 1918 foroare de Mienskip ek fen karakter. Earst bineamde hja sels de leden út 'e Fryske foarútstribjenden ta in net heger tal as fyftich, nou kin elts dy't mar wol, lid wurde. 't Is tige de fraech eft se nou net yn djipste forlieze scil, hwet se yn breedte winne kin.

Al yn „Frisia” komt it út, det net alles hwet de Jongfriezen jowe allegear like goed en bêst is. Forskate fersemakkers, ik tink hjir oan H. Reitsma, Th. de Vries en J. D. van der Mei jowe faken wirk der't wol de rook fen it nije oer gien is, mar der nou den ek rook noch smaeke mear oan is. As sok spil de ieuwen oerlibje scil, den wit ik it net.

Foegje dêrby de skiedkindige opstellen fen Hallema dy't sa droech binne as det diel fen Pope det yette yn gjin saun jier wiet west hat, den kinne wy gerêst sizze det lang net alles like heechsteand wirk is. Scil om 1920 hinne dy wrâldliteratuer komme, dêr't Kalma oer profetearret? De tiid scil útwizing dwaen, mar den scil der wier wol hwet stranger kar oer stikken fen „Frisia” gean meije.

Wrâldliteratuer! in moai wird. Mar sûnder bysmaek is 't net. Foarst docht ik yen tinken oan de kosmopolytyske sé, dy't foar de oarloch it ierdryk oerweage en dy't nou wol splist liket, mar ûndergrounsk him foar fêst yette net deljowt. Dêrby, hwet is der hopen wrâldliteratuer, dêr't it Christelik ytmark oan miskearret. Ik tink oan Homerus en oare Grykske en Romeinske skriuwers, oan Shakespeare, oan Goethe en Shelley. En is dêrby ek net hwet feardich fen de geast dy't Babels toerbou biwirke hat?

* * *

Sa binne wy allinken kommen by it krytysk bisjen fen 'e nije biweging.

Goeds is deryn, ek folle. De rjuchte poëet, en de suvere proazaskriuwer moat yn 'e alderearste pleats harkje nei it ynlik sjongen („poëzije is kristallisearre emoasje!) hy moat om en yn him sjen, út eigen skatten de flonkerstiennen fen fornuft en fieling skitterje litte, mar hy kin det ûngelikens dwaen. Hy stiet net allinne

op 'e wrâld, hy hat evenminsk. dy't er nea mei Sodomsapels op in forkeard paed bringe mei! Us wird, ús tael mei noait idel, noait hol en leech wêze. En hwennear nou de nije literatuer plak jowt oan Freija en Baldur, mar sa goed as nea sprekt oer it heil det der is yn Jezus Kristus, dan fâlt der in binearjend skaed oer 'e geastespoëzije fen 'e jongerein. Wy as Christenen hâlde it yet altyd mei de stelling fen Thomas fen Aquino, dy't alle moaijens ôfliedt fen 'e Him iepenbiere hawwende God, en dy't sa ek det wirk allinne as folslein moai sjucht, det tinz oan dy God yn 't sintrum bliuwe lit.

Mar oars, it siikjen nei nije foarmen is op himsels goed to achtsjen. Wy litte yn ús deistich libben det ek sjen. Us jongfolk komt net op 'e lappen mei in manchesteren broek en in kamisoal oan en in heech siden pet op, mar 't kleure pak, de oerjas, de manchetten, in pear stevels, in dopke wurde allinkewize de dracht. Sa foroaret alles, en wy meije in giene tiid werom winskje, it jowt nin byt. Lyksa is 't mei de literatuer. Alde foarmen, âlde wizen fen sizzen forfalle, de geastersrjuchting giet in oare kant út as nêst hûndert jier, en deroan allyk scil de tael, de wêzensutering him komme to ûntjaen.

It scil altyd mis wêze om op âlde, biwadde kouwepaden foart to traepjen. Altyd al weroan hat de literatuerskiednis sjen litten, det soks útroun op it deade punt. En den kaem wer in jonger slachte op en reage mei fûle faesje al it âlde nei de groun.

Sels mei in to fûle faesje. Hwent wiêr, al it nije is net prachtich, om't der in nije gloede oer leit.

Sels by Kalma, de foaroanman is det to merkbitten. Lêz de Sonnette-rige „De fjûren fen St. Marten,” en jim scille dit mei my iens wêze. Ef ek de sonnetten fen Rinke Tolman, dy't ek al bi-gjinne to lijen oan gauris deselde wize fen sizzen, dy't lang altyd net like moai is, en jim sizze: dy sinnefjûren, feale hagen, boun fen winen en mear sok moais kin de man gerêst for himsels hâlde.

Hwet fierders it wizen op it doel fen ús taelstriid oanbilanget, forskate jongeren, ek fen ús Chr. Selskip kinne dêr alhielendal yn meigean. Kalma hat det mar ris fiks oan 't ljocht brocht en 't kin net misse ef de konsekwentere jongerein scil hwet langer hwet mear op det ljochtsjende ideael oanstjûre. De Frysk-nasjonale biweging komt yn 'e lêste tiden mei suverens nei foaren en wy

meije dêr tankber for wêze. Hjir winkt in skat dêr't frijsinnigen en rjuchtsinnigen, sûnder yn 't minst oan hjar bigjinsel to toarnen to hoegen mei foriene krêften for stride kinne.

Sa hat de Jongfryske biweging, nettsjinsteande hjar ultra-weismiten fen foarige poëten in skoander ynset makke mei it siikjen fen wide banen op it gebiet fen literatuer en fryske striid.

Mar nou't de Jongfriezen yn in gewoan Selskip, de Mienskip neamd, hjar organisearje, spant it der wol om, det wy as rjuchtsinnigen dêr to plak binne. Twa gelikense Hearen to tsjinjen giet net op. Do't de Mienskip in soarte fakforieniging fen Fryske skriuwers wie, stie de saek gânsk oars. Lykwols wy hawwe hope det de Jongfriezen hjar ûntjaen meije ta suvere Fryske skriuwers mei faesje stridend for it ljochtsjend ideael. Lyk as alle lieryk kosmopolityske kleuren en geuren hat, sa ek de Jongfryske, — dy hat it sels sa slim, det in danigen ynfloed fen it faek-tinken-yn-Hollânsk skoan to merkbitten is. Wirdkar en sinbou moat him mear ûntjaen yn 'e Fryske spoaren. De al to greate omwinteling-sin hat tûken weisnoeid, dy't nedich biwarre bliuwe moatten hienen.

Mar hwet for ús alles seit: literatuer, dy't èf fen religy net witte wol, èf in pantheïstyske religy biwiereeket scil for ús as oan in Trijeënich God leauwende Christenen, op syn heechst hwet noflik lêzen bliuwe, sokke literatuer kin nea ús ynlik sielelibben bifredigje. Wy bûgje net for kinst, ef kultuer ef heechsteande poëzije, mar allinne for God, út Hwa en ta Hwa alle dingen binne. Wy freegje den ek om sokke kinst dêr net it Christlike op plakt sit, mar dêr de suvere amme fen Gods Heilige Geast troch hinne wyndret en rûzet.

A. M. WYBENGA.

Poëzije fen A. Wybenga.

IT LUTHERLIET.

In heech ûntwyk is de iivge God
 In treast yn striid en pinen;
 Al stekt ús 't leed, al nypt ús 't lot
 Syn ljocht bliuwt riizjend skinen.
 De fijân daget op
 Mei dryste en wylde rop
 Hy stigert oer it paed
 Fol list, bidrôch en haet
 Mar niget nei 't fordwinen.

Gjin ierdske macht forlangje wy
 Dy scil dôchs dré fordjerre;
 Us is dy sterke Heilshelt by
 Dy't God for ús ornearre.
 Syn Namme? 't Is de Hear
 De Christus fen Gods ear
 Syn Ienichkommen' Soan
 Heech riizjende op Syn troan:
 Sa moat ús fijân stjerre.

Al bearde en drige ek de iepen hel
 Det scil gjin hier ús krinke:
 Gjin freze slacht Gods feinten del
 Sterk scil ús kriichsliet klinke!
 Ho't Satan him ek wart
 Us del to wâdzjen swart
 Wy steane rjucht oerein,
 Syn founis is al slein
 Ien wird lit him forsinke.

Gods wird bliuwt fêst al de ieuwen lâns,
 Wit nea fen fâl noch wiken;
 Rydboskje o Satan for Syn glâns
 Dy wachtet stûf biswiken.
 Slaen ús yn frou en goed
 Untnim ús bern en bloed,
 Dyn winst is wyn en skyn
 Wy gean de himel yn
 En ervje keninkriken.

GESANG 237.

Wachter op de heilge mûrren,
 Wachter, wynt de nacht hast wei?
 Sjuchst it skeinend skaed al skoeren
 For de blide ljocht-skyndei?
 Wis, ús longrijend hertsbiswiken
 Kjirmet lûd om 't tsjuster-wiken
 Nei 't forswinen fen 'e nacht
 Nei der sinne waerme pracht!
 Sjuch, dêr ljochtsje himelstjirren!
 Wier, de wolken wurde wei,
 Hark, it fûgelfloet omfierren
 Tolket ús de jonge dei.
 Heidens, dy't yn tsjuster sitte
 Loaitsje 't laitsjend ljocht tomielte:
 Mei in blide wolkom-klank
 Groetsje hja de dage-sang.
 Hwa, o God fen greate dieden
 Mei gjin each op 't heilsfyt slaen?
 Op Jins út 'e djipte lieden
 Op Jins tsjoeden kommen-dwaen?
 Minskebern, ûntweitsje út sliepen
 Slaen jim dodzjende eagen iepen
 Rounom riist oer 't heidne-lân
 Myld en waermjend sinnebrân.

Bliuw o God, lâns al de tiden
 Mei Jins wirk de naesjes nei,
 Lit ús sjen ho't allersiden
 Jins gemeente útdije mei.
 Jow ús mei in ryk bitrouwen
 Op de fêste groun to bouwen,
 Noait op eigen dwaen ef ear
 Mar op Jo allinne o Hear!

Hok in segen riist omhegen,
 Fjild en ikkers glânzje yn 't grien.
 Bûgjende ieren niigje omlegen,
 Groede is oer Gods lânnen gien!
 Alle folken scille komme
 Knieljend froed en hertsforromme,
 Hja fen iivge earmen brocht
 Juchje yn 't hertsfornoegjend ljocht.

TSJERKE-UTGEAN.

En 't Amen stigde oer froede hollen
 Yn herten dy't de rêste founen,
 Sêft komt de skare him forweegjen
 Sa sêft as hja net skiede koenen.

It oargel leit syn fromme klangen
 Syn wijde lûden oer de follen...
 Yet bloeit de blankens op de wangen
 De blierens fen it goede wollen.

Forweefjend blinkrje sinneglânzen
 De ruten twinklje yn heilsforlangen,
 Sêft roeikjend gean de minsken hinne
 En sweevjend rûzje de oargelklangen.

OER WIETTIGE IKKERS.

Oer wiettige ikkers fâlt de wêmoed del
Oer kâlde kluten sjit in skouwe swel,
Oer 't wettrich fjild skynt sinne as trienjend each
En skiere wolkens bankje in tsjuster reach.

De beammen stean to treurjen yn 'e joun,
Om blêddefracht en bloeipracht red fordwoun,
Yn neare nachten fâlt de kâlde rein.
En tsjoede wyn hat lêste blommen slein.

En, dôchs . . . ho drôf de dizzen driuwe mei
Wis wyndrje wylde wêmoedsteisters wei,
Myn hope hat my lok en sängen sein.
Nei skiere dei riist myld in ljochte Snein.

EARSTE GLIMKE.

En de eachjes blonken sa gril, sa gril
En seagen nei mem, nei mem sa stil.

En memke noege: myn bern, myn bern
Mei 'k yetris in glimke, in glimke sjen.

Yn 't eachje sparkle in ljocht, in ljocht
Det freegjend nei 't wirdtsje, 't wirdtsje socht.

Mem troaïke boartlik: myn skat, myn skat
En siket en wol se en wol se hwet?

Do krolde om't lyts lipke in bliere skyn
Dêr glimke de himel, de himel yn.
